

PARSEBERJOCHT

10 juny 2020

Te rie by Us Heit – 400 jier Willem Lodewijk

It is 400 jier lyn dat stedsâlder Willem Lodewijk ferstoar, 'Us Heit' foar de Friezen. Wat kin de hjoeddeiske maatskippij yn coronatiid leare fan in 17^e-iuwske regint? Fryslân DOK giet 'Te rie by Ús Heit'.

Tegearre mei syn neef Maurits boude stedsâlder Willem Lodewijk van Nassau-Dillenburg it nije Nederlân op, dat ûntstie yn de Tachtichjierrige Oarloch. Willem Lodewijk wie in briljant militêr strateech, dy't deryn slagge de oermachtige Spanjaarden te ferdriuwen út de noardlike gewesten fan de republyk. Hy fernijde it bestjoer yn it noarden en rjochte universiteiten op yn Frjentsjer en Grins. It wie in tiid fan gaos en ûnwissens. Dochs toande hy him in ûnbelekke lieder troch in dúdlike eigen koers te farren, wylst hy tsjinstelde belangen en stridende partijen yn har wearde liet. Willem Lodewijk groeide út ta in steatsman mei in geweldich moreel gesach. Sa grut, dat hy 'Vader des Vaderlands' waard foar de noarderlingen – Us Heit.

Hjoed-de-dei witte net folle Friezen mear wa't Willem Lodewijk wie. Is der dan gjin ferlet mear fan sa'n liedsman? Of lit in coronafirus sjen dat der yn tiden fan krisis krekt wól in lieder mei grut moreel gesach nedich is? Yn de Fryslân DOK 'Te rie by Us Heit' siket histoarikus Josse Pietersma nei de betsjutting dy't Willem Lodewijk júst no hawwe kinne soe.

Fryslân DOK: 'Te rie by Us Heit'

Sneon 13 juny, 15.30 oere, NPO 2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling 14 juny 13.10 oere)
Snein 14 juny, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbylding: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

PERSBERICHT

10 juni 2020

Te rade bij Us Heit – 400 jaar Willem Lodewijk

Het is 400 jaar geleden dat stadhouder Willem Lodewijk overleed, ‘Us Heit’ voor de Friezen. Wat kan de huidige maatschappij in coronatijd leren van een 17^e-eeuwse regent? Fryslân DOK gaat ‘Te rade by Ús Heit’.

Samen met zijn neef Maurits bouwde stadhouder Willem Lodewijk van Nassau-Dillenburg het nieuwe Nederland op, dat ontstond in de Tachtigjarige Oorlog. Willem Lodewijk was een briljant militair strateeg, die erin slaagde de oppermachtige Spanjaarden te verdrijven uit de noordelijke gewesten van de republiek. Hij vernieuwde het bestuur in het noorden en richtte universiteiten op in Franeker en Groningen. Het was een tijd van chaos en onzekerheid. Toch toonde hij zich een onberispelijk leider door een duidelijke eigen koers te varen, terwijl hij tegenstelde belangen en strijdende partijen in hun waarde liet. Willem Lodewijk groeide uit tot een staatsman met een geweldig moreel gezag. Zo groot, dat hij ‘Vader des Vaderlands’ werd voor de noorderlingen – Us Heit.

Vandaag de dag weten weinig Friezen meer wie Willem Lodewijk was. Is er dan geen behoefte meer aan zo’n leidsman? Of laat een coronavirus zien dat er in tijden van crisis juist wél een leider met groot moreel gezag nodig is? In de Fryslân DOK ‘Te rade bij Us Heit’ gaat historicus Josse Pietersma op zoek naar de betekenis die Willem Lodewijk nú zou kunnen hebben.

Fryslân DOK: ‘Te rie by Us Heit’

Zaterdag 13 juni, 15.30 uur, NPO2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling 14 juni 13.10 uur)

Zondag 14 juni, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeelding: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.